

KRYPTOGRAM 167a

Horizontaal:

8 In bakje stean ik wol (6); 9 Moast oer de Slachte lein wurde om him te mjitten (8); 10 In Ingelsman lit in trien falle by in ronfel (4); 11 Agintskip (10); 13 Stiet te boek as efternamme (9); 15 In manlik foske? (5); 16 De lêste perioade fan in 2CV dy't nei de sloop giet (7); 18 By myn freonen fielt in aai klam oan (7); 19 Gloede fan de meast resinte wenwyk yn de Noardeastpolder (5); 20 Boezemfreon (9); 22 Skip dat besibbe is oan in sniejacht (10); 24 Set dy mar skrap foar Die Twa (4); 26 Dêrmei kinne wy besunigje op de túnman (8); 27 It minste fan Knot (6).



Fertikaal:

1 Oantal goede dingen (4); 2 Sparsum bist yn De Haske (6); 3 Saus fan in puntichter (4); 4 'Spring mar achterop, spring mar achterop' (12); 5 Tsjinoerstelde fan in Wetterliny (10); 6 Groeit út in goaibean (8); 7 Dit kloppet net (12); 10 De fertsjinste fan grutgrûnbesitters (12); 12 Wurdgrappen

yn de âlde drukkerij (12); 14 Ferbaal geweld by Lingo (10); 17 Tydlike sekering yn de meterkast (8); 21 Meitsje oan tafel in agressive yndruk (6); 23 Drama op de skatebaan (4); 25 Bedriuw fan in notaris (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 24 - 12 - 16 - 18 - 1 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 167a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 167a. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **25 novimber** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-



Kryptogram 166a:

Plaknamme: **Koudum**

Winner Boekebon:

Y. Wiersma,
Veenwoudsterwal

LEEWARDER COURANT

13-11-2021